



Snein 30 maart 2025

PG De Tjongervallei



Fjirde snein yn de 40-dagetiid



Jezus sjen en dan...

Foarganger: ds Dingena Hasper

Oargelist: Jelger Goudberg

Koster: Johan Hofman

Lektor: Margreet de Boer

1^e Âlderling: Roelof Porte

De tsjinst fynt plak yn de tsjerke fan Âldhoarne

10 u Oargelmusyk by de iepening fan de tsjinst

Wolkom en iepening

Blomstik

Oanstekken fan de kears fan Ferbining.

Sjonge: Psalmliet 107: 1en 4

1.Lit no de lofsang klinke;
wat is de Heare goed!
Ja, God woe om ús tinke
en hat ferlossing stjoerd.
Dat is it lokkich liet
fan wa't út fiere lannen
befrijd op hûs oangiet,
ûntslein fan boei en bannen.

4. No bringe wy de Heare
om syn goedgeunstichheid
oanbidding, tank en eare:
ús God docht wat Er seit.
Wa't mei syn hiele hert
Him oanropt om genede,
dy wurdt yn frijheid set,
dy kroant Hy mei syn frede.

Gebed

Wurd foar de snein

Mei de bern: het project

Jezus sjen... hoe soe Hy der útsjoen hawwe?

Projectlied *Melodie: Morning has broken (lied 216)*

Gods tuin van vrede, 't is lang geleden,
Adam en Eva, alles was goed,
Toen kwam de slang in die hof van Eden,
En licht en vrede werd zwart als roet.

De tuin van dromen, prachtige bomen,
Bloeiende bloemen in de woestijn,
Een nieuwe tijd, de vrede zal komen,
Als in Gods tuin het lente zal zijn.

***Graan wordt gezaaid, eerst teruggegeven,
Daar in het donker een kiem begint
Als door een wonder, komt het tot leven,
Tuin van belofte, het leven wint.***

Gebed

Skriftlêzing: Jehannes 12: 20-27

Jezus en de Griken. De dea fan Jezus en syn hearlikheid

²⁰No wienen der in stikmannich Griken ûnder de minsken, dy't nei it feest gongen om te oanbidden; ²¹dy gongen nei Filippus, dy't út Betsaida yn Galiléa kaam, en dienen him dizze fraach:

Mynhear, wy wolle Jezus graach sjen. ²²Filippus gong nei Andréas en sei it tsjin him; doe gongen se tegearre nei Jezus en brochten Him it fersiik oer. ²³Jezus joech harren ta antwurd: De tiid is kommen, dat de Minskesoan ferhearlike wurde sil. ²⁴Wiswier, wiswier, Ik sis jimme, as de nôtkerrel net yn 'e grûn falt en stjert, bliuwt er allinne; mar as er stjert, jout er gâns frucht. ²⁵Dy't hinget oan syn libben, rekket it kwy; mar dy't syn libben dêroan weagje wol yn dizze wrâld, sil it behâlde foar de ivichheid. ²⁶As ien My tsjinje wol, moat Er achter My oankomme en dêr't Ik bin, dêr sil myn tsjinstfeint ek wêze; as ien My tsjinje wol, myn Heit sil him earje.

²⁷No bin Ik tige oandien en wat sil Ik sizze? Heit, rêd My út dizze oere? Mar dêr bin Ik just foar kommen: foar dizze oere.

Sjonge: Liet 534

1 Hy dy't de blinen 't ljocht wer joech
en kleur en fleur brocht yn har wêzen,
is sels it ljocht dat romte jout:
ús libbensljocht, de Soan fan God.

2 Hy dy't de lammen rinne liet,
de krêft weromjoech oan har libben,
is sels de wei nei 't wiere lok:
ús libbenspaad, de Soan fan God.

3 Hy dy't de earmen iten joech,
oerdiedich har it hert ferwaarme,

is sels it brea, Hy sêdet ús:
ús libbensbrea, de Soan fan God.

4 Hy dy't de dôven hearre liet
en wurden wer fersteanber makke,
is sels it wurd dat wierheid sprekt:
it libbenswurd, de Soan fan God.

Oertinking

Liet 836 O goede God en trouwe Heit

(melodie gezang 463 Liedboek voor de kerken)

1 O goede God en trouwe Heit,
ferjou ús alle skuld.

Wiis ús de wei nei sillichheid,
jou ús in hert dat iepenleit
foar leafde en geduld.

2 Jou, Hear, dat elk jo rop ferstiet
as by de mar, lang lyn,
him troch jo wurden nûgje lit
en fol fertrouwen mei Jo giet
in wisse takomst yn.

4 Lis, Hear, jo stille dau fan rêst
oer al ús tsjusternis.
Nim fan ús wei de eangst en lêst

en lit ús sjen hoe wûnderbêst,
hoe moai jo frede is.

Gebeden

1. God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

2. Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

4. Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5. God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

Slotliet 978: 1, 3, 4 Oan Jo beheart, o Hear, de ierde

1 Oan Jo beheart, o Hear,
de ierde mei al har deistich wol en wee,
de greiden, bosken en rivieren
it fêstelân, de wiffe see.
Ja, alles tsjûget dei en nacht
fan Jo ûnmjitbere skeppingsmacht.

3 Yn blommetaal wurdt ús ferhelle
dat God it is dy't klaaiïng jout.
De fûgels fluitsje en fertelle:
de Skepper bliuwt syn skepping trou.
't Is alles in gelikenis
fan boppe-ierdske heimenis.

4 Lit my Jo tabehearre, Heare,
en lit my dan de wrâld troch gean
mei iepen eagen, iepen earen
om al Jo tekens te ferstean.
Dan is it ierdske libben goed,
de himel sels jout my syn groet.

Noch even oer de kollektes...

De earste kollekte is foar it oanrinhûs Oer de Brege Oer de
Brêge is in stichting dy't as doel hat tydlike help biede te wollen
oan minsken dy't yn geastlike en / of maatskiplike need

ferkeare. Yn it bysûnder giet it om minsken dy't net in soad sosjale kontakten hawwe, dêrtroch iensum binne en in steuntsje yn de rêch wol brûke kinne. Wy steane iepen foar alle minsken dy't op de ien ôf oare wize muoite hawwe om harren paad te finen yn de maatskippij. It berik fan it oanrinhûs omfettet It Hearrenfean en de wide omjouwing.

Tinke jo ek oan Stichting Tsjerke en media dy't dizze tsjinsten útstjoert? Sy is alhiel ôfhinklik fan jeften en jo kinne it bankrekkennûmer fine op de webside fan <http://kerk.media/> Dizze Stichting is de fuortsetting fan de Wurkgroep Tsjerke tsjinsten Fryslân.

Seine

Muzyk